



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

desimber 2021

Ledegearkomste ôfsein

Dat wie wat op 11 novimber! Wiene wy oant yn 'e puntsjes taret om der in sinfolle en gesellige middei fan te meitsjen mei ûnder oaren in soad nije leden derby - en doe bruts it ús by de hannen ôf. It begûn mei 16 oanmeldingen, bûten de bestjoerders, mar dêrnei rûnen yn de lêste dagen de ôfmeldingen op. Njonken gewoane grypkes dripten alarmearjende coronaberjochten binnen: fan eangst foar besmetting oant ûnfaksinearre en yn karantêne. Doe 't we dy lêste dei ûnder de 10 oanmeldingen sakken, hawwe we de gearkomste nei oerlis mei it Frysk Skipfeartmuseum skrasse moatten. Al kinne wy nea in echte moeting benei komme, it bestjoer beriedt him op oare foarmen fan kontakt. Neist de sa wichtige ûnderlinge útwikseling wiene der ommers de nedige gearkomstestikken en agindapunten te bepraten: it listje highlights yn it kombinearre jierferslach 2019/2020 en de finansjele ferslaggen, al troch de kaskontrôlekommisje(s) akkoard befûn. As it goed is hawwe jo de sifers yntusken fan de ponghâlder krigen. Oer de oneliners hjirûnder mear. De traktaasje en rûnlieding hâlde wy noch tegood!

Wurkgroepen

Yn tarieding op ús Jubileumjier 2023 foarmje wy in apart groepke mei leden dy 't as 'tinktank' fungearje. Sy meie wat útbriede, fan tûke ideeën oant wylde plannen. Wat binne geskikte aktiviteiten? Binne der aardige gadgets foar de leden te finen? Hoe kinne wy ús optimaal profilearje? Binne der ideeën foar sponsoaren of subsydzjeferstrekkers? Fan it bestjoer nimme Lutske Wijma en Alie Rusch diel oan de wurkgroep. Ut de Feriening wei hat Uilkje Kampen fan B&B De Heide oanjûn meitinke te wollen. Miskien wat foar jo? Wat mear sielen, wat mear ynspiraasje! As we yn 2022 sa'n 5 byienkomsten yn totaal as wurkgroep brainstoarmje kinne, dan komt der absolút wat aardichs út!

Oneliners

Foar de Ledegearkomste dy 't pland stie, hiene wy ek in ynhâldlike diskusje mei-inoar fiere wollen. Want: hawwe wy eins sa'n bytsje deselde ideeën oer ús Feriening? Fia reaksjes op koarte útspraken, (oneliners yn 'geef Frysk') hienen wy fêststelle wollen wat ús bynt, en wat wy dus útdrage kinne as ús doelstellingen. Wy nimme oan dat in soad minsken it iens wêze sille mei in útspraak as: *Wy hâlde fan it Fryske lânskip, fan de romte*. Mar is it meastepart sjarmearre fan *'Bern binne by ús wolkom?'* Wat dogge wy mei in tema as duorsumens, falt de doarpswinkel dêr ek ûnder? (*Duorsum is ek: Boadskipje by de winkel út it doarp*).

It is mar in greep – mar wa wit ha je fuort sels in gjalp foar ús Feriening. Yn dat gefal sjogge wy je mail graach temjitte op info@bedenbrochje.nl
We komme sawysa werom op de oneliners, of per mail of op in gearkomste!

Bedriuw of hobby

Us Feriening bestiet út tige útinoar rinnende 'bedriuwkes'. Sagau 't je in B&B iepenje, binne je eins ûndernimmer. Dochs jildt foar de measten fan ús dat it B&B-wurk as hobby ûnderfûn wurdt en net as profesjonele business en (iennichste) breawinning tsjinnet. Mar hoe wiidweidiger oft jo oanbod oan keamers en gasten is, hoe mear saken goed regele wurde moatte. In fergunning fan jo gemeente is sawysa nedich. Mar wat te dwaan mei fersekerings, belestingen, boekhâlding, ynskriuwing by de Keamer fan Keaphannel, ynvestearings en ôfskriuwingen? Under de leden is foar safier ús bekend net immen dy 't hjir alles oer fertelle kin. It bestjoer hat dêrom in profesjonele adviseur ree fûn om op dat soarte fan kwestjes yn te gean: Johanna Bandstra. Sy hat as sertifisearre belestingadviseur goed 30 jier ûnderfining by akkountantskantoaren en de belestingsjinst en wie in perioade ûnder oaren saaklik lieder fan Opera Spanga. Hawwe jo fragen op dat terrein, dan kinne jo har streekrjocht maile op johannabandstra@gmail.com. Belje wannear 't in telefoanysk ûnderhâld skikt mei ek: 0513 -842651 / 06 -42189791. De behannele kwestjes sille wy letter yn de Nijsbrief diele, sadat wy allegearre mear greep op dizze saaklike kant krije.

Leden oan it wurd

Tsja, dat ha we miskien wol it measte mist: it bypraten. Ledegearkomsten binne om samar te sizzen 'de kuiergongen' fan ús wurk. Dêr heine je wat op, dêr befreegje je elkoar en wikselje je ûnderfiningen út. Dêryn besiket dizze Nijsbrief ek te foarsjen. Wy litte dêrom de B&B's sels graach oan it wurd. Wolle je ek in ferhaal kwyt? Lit it ús witte, dan sjogge wy nei in gaadlike foarm dêr 't elk fan meiprofitearje kin.

* Geertje Plantinga fan 't Laaisterplakky yn Aldebiltsyl hat as iennichste binnen de Feriening in (nagelnij) appartemint foar minderfaliden. De ynrjochting kloppe: de earste rolstoeler wie dik tefreden! Novimber wie wer de rêstichste moanne. Desimber barde it foar it earst dat in posityf op corona teste gast de boeking ôfsei. In goede reden!

* Lutske Wijma fan it Paradyske yn Kollum hie in midwike in Belgysk gesin te gast. Hoe 't se oan it adres kommen wiene? Mem hie as bern mei har âlden Fryske B&B's besocht. Sy hie dat altyd prachtich fûn en woe dizze positive ûnderfiningen mei har bern diele. Ek noflik: de poppe fan 3 moannen slepte foar it earst in nacht troch. Dêr 't Fryske bûtenloft al net goed foar is...

* Dirk-Jan Arnold van Terpwoening it Steechje yn Ie hat in boppe ferwachting soad boekingen hân, benammen út eigen lân. Blykber ûntdekke minsken de skjintme fan Fryslân. Spitigernôch stie op ús site It Steechje ferstoppe achter in kollega-B&B. Mar jim binne ûnderwilens 'befrijd', Dirk-Jan!

Ta beslút winsket it bestjoer jimme in noflike jierwiksel en in sûn 2022, ek foar jimme B&B!

Mei hertlike groetnis fan jimme bestjoer,
Baukje Miedema, Alie Rusch, Dieuwke Visser
en Melle & Lutske Wijma